Martinisneek
vindplaats van geloof, hoop en liefde

Tsjinst yn ‘e Martinitsjerke fan Snits op 15 novimber 2026

Romte foar moetsje

De amtsdragers komme deryn

De oargelist spilet

Wolkom

De kearsen wurde oanstutsen

Momint fan stilte

We komme oerein

Liet 9

1 Mei hert en siel bring ik Jo, Hear,
om al jo wûnders tank en ear;
bliid wol ik Jo mei snaar en tonge,
o Alderheechste, psalmen sjonge.

Groet en bemoediging

Frede foar jimme
fan God, dy’t ús leafhat
en fan Jezus, dy’t Gods leafde sjen litten hat.
Allegear: **Amen**

Burgen binne wij bij God,
Allegear: **dy’t is, dy’t wie, en dy’t der altyd wêze sil.**

Gebed fan neierkommen

Liet 9
4 Foar ivich hâldt de Hear syn troan
en seit de wrâld it oardiel oan.
Oer wa't syn hillige wetten brekke
sil Hy syn godlik fonnis sprekke.

5 Sa is de Hear in sterk kastiel
foar de beneare_en bange siel;
en dy't it hâlde op syn namme
dy wurde ivich net beskamme.

We sette ús del

Oandacht foar de bern

De bern geane nei de bernetsjinst

Kyriegebed

Liet 413: 1, 2
1 Grutte God, wy loovje Jo,
God fan himel, see en ierde,
al wat libbet bûcht foar Jo
yn bewûndering foar jo dieden.
Jo, mei macht en pracht beklaaid,
bliuwe oant yn ivichheid.

2 Al wat libje_en loovje mei,
alle minske-_en ingeletonge
priizget Jo aloan en wei,
wol jo leafde_en trou besjonge,
yn it lofliet ta jo ear:
'Hillich, hillich is de Hear!'

Oer de lêzing en it tema fan 'e tsjinst

Skriftlêzing: 1 Tessalonikers 4: 1-12

1 Fierders, leave minsken, jimme hawwe fan ús heard
hoe't jimme libje moatte sa't God it wol.
No freegje wij jimme mei klam yn 'e namme fan de Hear Jezus,
dat noch trouwer nei te kommen as jimme al dogge.
2 Want jimme witte, hokker foarskriften wij jimme jûn hawwe
út namme fan de Hear Jezus.
3 Dit is ommers wat God fan jimme freget:
wês hillich en ûnthâldt jimme fan huorkerij.
4 Elk fan jimme moat witte, hoe't er op hillige en earbere wize
it houlik mei syn frou oangiet;
5 net mei hertstochtlik begearen,
lykas de heidenen dy't God net kenne.
6 Lit gjinien him te bûten gean en syn meiminske skea dwaan
yn dit stik fan saken,
want de Hear straft al sokke dingen,
lykas wij jimme al earder mei klam sein hawwe.
7 God hat ús ommers net roppen om yn ûnreinens te libjen,
mar yn hilligens.
8 Sadwaande, wa't dat ferachtet, ferachtet gjin minske, mar God,
dy't jimme syn hillige Geast jout.
9 Oer de leafde foar de neiste lykwols hoege wij jimme net te
skriuwen.
Sels hawwe jimme fan God leard om elkoar leaf te hawwen.
10 En jimme dogge dat ommers ek al
foar alle minsken oer yn hiele Masedoanië
Mar wij drukke jimme op it hert, leave minsken,
dat noch trouwer nei te kommen.
11 Lit it jimme in eare wêze om rêstich te libjen,
jim eigen saken te berêden
en mei jimme hannen sels de kost te fertsjinjen,
lykas wij jimme foarskreaun hawwe.
12 Dan sille jimme yn 'e eagen fan 'e bûtenwacht fatsoenlik libje
en jimme sels rêde kinne.

Liet 793
1 Boarne fol fan ljocht en leafde,
wy binn’ makke foar elkoar;
wûnder oantipt troch jo finger,
rekket hjir de ien de oar.
Lit ús nei jo takomst langje,
laitsjend rinne op jo wei;
dat wy sjonge_yn blide sangen
op jo grutte brulloftsdei.

2 Boarne fol fan ljocht en leafde,
waarmte nei oan ’t hert ús lein,
jawurd dat Josels ús learden,
trou en leaflik oant de ein –
al liet ús in neiste sitte,
rekket sels de leafste wei,
leafde sil ús noait ferlitte:
Jo ferjitte ús gjin dei.

3 Boarne fol fan ljocht en leafde,
skink jo freugde_en sinneskyn;
wie de skaadkant net te kearen,
wetter wurdt troch leafde wyn.
Dat wy dan elkoar beminne
sá dat sels de dea net skiedt;
neat kin leafde oait oerwinne –
leafde is in ivich liet.

Oertinking

De oargelist spilet

Liet 1006
Jo dy’t wenje yn ’e himel,
as in Heit mei ús begien,
jou dat minsken ûnderfine:
lykas Jo is der mar ien.

Lear ús altyd te fertrouwen
op in wrâld net spikerhurd,
op jo ryk dêr't wy yn leauwe
en dat soms al sichtber wurdt.
Help ús om inoar te sykjen
en te libjen nei jo wil.
Jou ús dei oan dei te iten,
jou dat elk it goed ha sil.
En ferjou ús wat ferkeard wie,
bliuw net by ús fouten stean,
sa't ek wy mei wa't ús kwea die
wer yn frede fierder gean.
Bring ús by it goede_en wize,
en net op 't ferkearde spoar.
Jou dat wy it bêste kieze
yn ús noed stean foar elkoar.
Leave Heit, wy meie witte
dat jo krêft de ierde stjoert.
Mei jo ljocht kinn' minsken fierder.
Hjir en no en aanst. Foargoed.
Amen. Amen.

Ôfkundiging fan in ferstjerren

Gebeden

- **Stil gebed**
- **Us Heit**

- Us Heit yn 'e himel,
  lit Jo namme hillige wurde,
  lit Jo keninkryk komme,
  lit Jo wil dien wurde op ierde likegoed as yn 'e himel.
- Jou ús hjoed ús deistich brea
  en ferjou ús ús skulden sa't wy ús skuldners ek ferjûn
  hawwe; en lit ús net yn fersiking komme,
  mar ferlos ús fan 'e kweade. Want Jowes is it keninkryk
  en de krêft en de hearlikheid
  oant yn ivichheid.
  Amen.

De bern komme werom yn tsjerke

Kollekte oankundiging

We komme oerein

Liet 418

1 God, skink ús de moed
ticht by Jo te bliuwen,
dan sil neat ús hjoed
útinoarren driuwe.
Jo sill' dei oan dei
oer ús gongen weitsje,
skriemen en ek laitsjen
draacht jo seine mei.

2 Wa't dat priuwe mei
siket nije wegen,
seine bringt ús nei
dy't om frede freegje.
Jo geskink wurdt mear
as wy harkje kinne
en meidielsum binne,
fruchtber yn de Hear.

3 Frede, mei de died,
jouw' Jo ús yn hannen,
dat wy dy as sied
drage troch de lannen,
siedzjend dei oan dei,
siedzjend yn it brede,
oant ús hert yn frede
by Jo rêste mei.

4 God, skink ús de moed
ticht by Jo te bliuwen,
dan sil neat ús hjoed
útinoarren driuwe.
Jo sill' dei oan dei
oer ús gongen weitsje,
skriemen en ek laitsjen
draacht jo seine mei.

Segen

***Allegear:* Amen**

Voorganger : ds. Coos Boomsma (IJlst)
Ouderling van dienst : Ellert Jongstra
Diakenen : Hans Blom
Lector : Anne Visser
Organist : Kees Kuiper
Koster : Gretha van der Veen
Beeld : Klaas Faber
Geluid : Henk Kouwenhoven
EHBO dienst : Grietje Bijker en Annemarie Wever

De 1e collecte is voor de Diaconie
Banknr. NL20 RABO 0359 5059 45

De 2e collecte is bestemd voor de kerk
Banknr. NL54 RABO 0373 7293 16

Overleden

In de afgelopen periode zijn overleden:
Albert Raap, Quirijn de Blaustraat 31,
op de leeftijd van 70 jaar
Neeltje Jolina Sikkes- Tjeerde, Jachthavenstraat 28/013
op de leeftijd van 90 jaar
Geertje van der Wal- van der Zee, Pier Heemstrastraat 50/102,
op de leeftijd van 78 jaar

Bloemengroet

De bloemen gaan als groet van ons allen naar
Dhr. G. Stilma Lytse Dyk 35

Kinderen

Voor alle kinderen tussen 0 en 12 jaar is er vandaag een kinderdienst. Kom je ook gezellig spelen, kleuren en knutselen? We hopen je daar te zien.

Concert Sneeker Cantate Koor

Vanmiddag om 16.00 uur geeft het Sneeker Cantate Koor een concert in de Martinikerk onder de naam: **Verleih uns Frieden**
Zie ook het kerkblad voor info.

Berichten voor de zondagsbrief graag voor donderdagmorgen 9.00 uur naar:
Durk Dam d.dam@planet.nl